

Tafelgebeden

1-10	Jo komt ús tank ta	208
11-18	Mei jo hiele gemeente	238
19	Heech te priizgjen is jo Namme	262
20	Kom en befrij ús	263
21	O Hear God, hillige Heit	266
22	Wy priizgje Jo, o Kening Almachtich	278
23	Wy tankje Jo, o God	281
24	Hear fan himel en ierde	283
25	Te priizgjen binne Jo	287
26	Machtige God	289
27	Wy tankje Jo, hillige Heit	293
28	Jo, rein en klear	297
29	Hear, kom yn ús fermidden	299
30	Heech te priizgjen is jo Namme	301
31	Fan alle dagen dizze moarntyd	304
32	Underweis nei Jo	307
33	Freugde om ús rêding	309
34	Sa leaf hawwe Jo de wrâld hân	314
35-39	Ivige Wysheid	317
40	Wy priizgje Jo, Heit	327
41	Wy priizgje jo Namme	329
42	Ja, heech te priizgjen Hij dy't komt	331
43	Oarder foar de betsjinning fan it hillich Nachtmiel, I	337
44	Oarder foar de betsjinning fan it hillich Nachtmiel, II	347
-	Oer it Nachtmiel	354

1 'In libben fan leafde en lofsang'
(foar algemien gebrûk)

Jo komt ús tank ta,
HEAR ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want Jo hawwe ús skepen
foar in libben fan leafde en lofsang,
en doe't wy Jo loslieten,
ha Jo ús fêsthouden
en ús weromroppen
fan in dearinnende wei.
Jo ha ús befrijd
út 'e macht fan tsjuster en dea
en ús útsjoch jûn
op in takomst fan ljocht:
frijheid, frede, freugde,
foar al jo beminden.
Dêrom, HEAR ús God,
jouwe wy ús
by allegearre dy't Jo belide
as de God fan har libben,
en sjonge wy Jo ta
ús liet fan lof en leafde:

Hillich, hillich, hillich,
HEAR God fan alle machten.
Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn de heechste himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de
HEAR
Heil God yn 'e heechste himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy is oan it uterste ta gien
om ús foar Jo te behâlden.
Hy hat foar ús út
troch de ingte fan 'e dea,
de trochtocht jûn
nei de romte fan it libben.
Sa is Hy ús hoeder,

de hoeder fan syn folk.
 Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
 no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Hy hat yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
 it brea nommen,
 spriek de tanksizzing dêroer út,
 briek it en joech it oan syn learlingen
 mei de wurden:

Nim en yt,
 dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
 Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
 spriek de tanksizzing dêroer út,
 liet him rûngean
 en sei:

Drink hjir allegearre út,
 dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed
 dat foar jimme en foar gâns minsken fergetten wurdt
 ta ferjouwing fan sûnden.
 Doch dit, sa faak as jimme dêrút drinke,
 ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
 syn opstanning belide wy,
 syn takomst ferwachtsje wy.
 Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken
 komme wy ta Jo, o God,
 mei dit brea en dizze beker
 en wy bidde Jo:
 tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
 en nim ús offer fan lof en tank oan.

Lit jo Geast oer ús komme,
 de Geast dy't libben makket,
 en meitsje nije minsken
 fan ús dy't jo Soan folgje wolle
 en net ophâlde
 om Jo te beliden en inoar te hoedzjen,
 mei jo Ryk dat komt, foar eagen.

Betink dan
en meitsje ús ien
mei allegearre dy't ús foargien binne,
mei wa't ús leaf wienen
en dy't wy ferlieze moasten,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't al lang fergetten binne,
mei jo hiele folk,
gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen is jo Namme.
God, ús God,
yn goede en yn kweade dagen,
foar ivich en altyd,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

2 'Fol ûnthjit is jo Wurd' (Advint)

Jo komt ús tank ta

HEARE ús God,

oeral en altyd,

troch Jezus, ús Hear.

Want fol ûnthjit is jo Wurd:

in stêd, in lân, fan frede

foar de minsken,

dat hawwe Jo ús tasein

en dat is ús befestige

yn Jezus, jo Soan,

de earstberne fan jo takomst.

Dêrom, HEARE ús God,

sjonge wy bliid it lofliet mei

fan allegearre dy't om jo troan steane,

fan aartsfaders en profeten,

fan apostels en martlers,

fan alle sjenners en sjongers

en wy sjonge Jo ta:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn de heechste himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de

HEARE.

Heil God yn 'e heechste himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,

en segene is Jezus dy't komt yn jo Namme.

Want yn Him is jo Ryk nei ús ta kommen:

Hy dy't yn eigen persoan

jo wil en jo heil wie,

en dy't jo ierde besiedde

mei wurden en wûnders

fan leafde en hoop.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:
Hy hat yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
liet him rûngean en sei:

Drink hjir allegearre út,
dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed
dat foar jimme en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak as jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Stjoer jo Geast yn ús fermidden
en bemoedigje ús sa,
dat wy yn in wrâld sûnder hope
in sprekking teken wêze kinne
fan jo oanhâldende soarch
en jo leafdefolle lieding
ûnderweis nei jo takomst,
de stêd dêr't wy nei útsjogge,
dêr't wy Jo earje sille

mei allegearre dy't wy foar jo antlit betinke:,
mei allegearre dy't ús foargien binne,
mei wa't ús leaf wienen
en dy't wy ferlieze moasten,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't allang fergetten binne,
mei jo hiele folk,
gasten oan jo miel.

Lit jo Keninkryk komme,
hjir yn ús fermidden,
God ús Heit,
heech te priizgjen is jo Namme
salang't de dagen duorje,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

3 'Berne is in nije dei'
(Krysttyd en Epifany)

Jo komt ús tank ta
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want berne is in nije dei,
jo takomst is begûn.
Doe't it noch neare nacht wie,
seagen wy it libbensljocht:
de himel gong foar ús iepen,
jo heil kaam op ús ta,
Jo sels waarden ús neiste
en ús frede waard jo eare.
Dêrom, HEARE ús God,
litte wy ús lûd hearre
om mei ingels en aartsingels,
mei hoeders en wizen,
mei allegearre
dy't jo ljocht sjogge
as har libbensljocht,
Jo ynmoedich
de lofsang ta te sjongen:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn de heechste himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de
HEARE.
Heil God yn 'e heechste himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy is ferskynd yn ús nacht
as in blinkende moarnsstjerre,
in strieljend ljocht
dat neat en nimmen dwêste kin
en dat rikt oant yn it djipste tsjuster.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
 no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:
 Hy hat yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
 it brea nommen,
 spriek de tanksizzing dêroer út,
 briek it en joech it oan syn learlingen
 mei de wurden:

Nim en yt,
 dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
 doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
 spriek de tanksizzing dêroer út,
 joech him rûn en sei:

Drink hjir allegearre út,
 dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed
 dat foar jimme en foar mannich oaren fergetten wurdt
 ta ferjouwing fan sûnden.
 Doch dat, sa faak as jimme derút drinke,
 ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
 syn opstanning belide wy,
 syn takomst ferwachtsje wy.
 Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken
 komme wy ta Jo, o God,
 mei dit brea en dizze beker
 en wy bidde Jo:
 tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
 en nim ús offer fan lof en tank oan.

Stjoer jo Geast yn ús fermidden
 en fersterkje yn ús allegearre
 de hope en de leafde,
 dat wy ljocht bringe meie
 dêr't it tsjuster hearsket
 en dat wy foarútgripe doare
 op 'e grutte takomst
 as it einlings wier wêze sil:
 frede op ierde,

en wy Jo earje sille
mei allegearre dy't wy foar jo antlit betinke:,
mei allegearre dy't ús foargien binne,
mei wa't ús leaf wienen
en dy't wy ferlieze moasten,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't allang fergetten binne,
mei jo hiele folk,
gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen binne Jo, ús God,
dy't is en dy't wie en dy't komt,
heech te priizgjen hjir en no
salang't de dagen duorje,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it 'Gebed fan de Hear' (side 169-170)

4 **'Troch wetter en woestyn'**
(Fjirtichdagetiid)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want Jo hawwe Josels mei ús ferbûn
op libben en dea.
Jo hawwe ús roppen
om as jo folk op 'en paad te gean
troch wetter en woestyn
nei it lân fan jo belofte.
Jo Wurd wiist ús de wei,
jo Geast hâldt ús yn libben.
Dêrom, HEARE ús God,
hawwe wy de moed
mei allegearre
dy't jo ropstim heard hawwe
en jo wei gien binne
ús lûd hearre te litten
tsjin alles wat Jo ûntearret,
tsjin alles wat ús bedriget
en Jo hulde te dwaan
mei ús lofsang:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en heech te priizgjen is Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy hat ús de wei wiisd,
doe't Hy ús allegearre foargie
troch it tsjuster fan ús nacht
nei de moarn fan jo ljocht.
Hy is Jo trou bleaun
en hat ús leafhân

oan 'e bittere ein ta fan syn iensume gong.
En doe't Er krusige waard
as de minste fan 'e minsken,
hawwe Jo Him opwekke út 'e dea
as de earste fan ús allegearre
en Him de Namme jûn boppe alle namme.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
joech him troch en sei:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Lit jo Geast oer ús komme
 en bring ús allegearre gear
 en meitsje fan ús in libbene mienskip
 dy't Jo earet en tsjinnet,
 rjocht docht oan minsken,
 frede stiftet op ierde
 en hoopfol jo dei temjitte giet,

mei allegearre dy't wy foar jo antlit betinke ...,
 mei allegearre dy't ús foargien binne,
 mei wa't ús leaf wienen
 en dy't wy ferlieze moasten ...,
 mei de hilligen fan namme
 en mei allegearre dy't allang fergetten binne,
 mei jo hiele folk,
 gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen binne Jo, o God,
 no en alle dagen
 en yn jo Ryk dat komt,
 troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

5 'De see hawwe Jo bestille'
(Peasketiid)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want Jo hawwe ús jo Namme neamd
en ús jo hert toand.
De see hawwe Jo bestille
en it moarnsljocht roppen.
Jo machtige earm
sil de tiranny delslaan
en wa't yn 'e benearing sitte,
hoeden oerein helpe.
Alle triennen sille jo droegje
en wy sille laitsje en jubelje.
Jo Namme is: Ik sil der wêze,
jo Namme is: Ik sil dy rêde.
Dêrom, HEARE ús God,
sette wy ús lûd út
om mei al jo minsken,
allegearre dy't lije en stride
en allegearre dy't troch Jo oerein holpen binne,
it hiele folk fan jo leafde,
Jo fan herten
de lofsang ta te sjongen:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten,
himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel!
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en heech te priizgjen is Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy dy't der ûndertroch gien is
fanwegen minsken lykas wy
en dy't ferdronken is
yn 'e djipte fan 'e dea, -

as in ljocht is Hy foar ús opgien,
it libbensljocht foar allegearre
dy't foar de dea opskreaun binne.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
joech him troch en sei:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Kom mei jo Geast yn ús fermidden
en lit jo amme oer ús gean
dat wy as nije minsken
jo leafde diele,

jo wierheid sprekke,
jo rjocht en frede behertigje
en sa jo namme earje
mei allegearre dy't ús foargien binne ...,
dy't ús leaf en dierber wienen
en dy't wy ferlieze moasten ...,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't al lang fergetten binne,
jo hiele minskefolk,
gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen is jo Namme,
God fan ús libben,
hjir en no
salang't de wyn fan 'e wolken waait,
troch Jezus Kristus ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

6 'As krêft fan boppen' (Simmertiid)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want as krêft fan boppen,
as fjoer yn ús kjeld,
as stim yn ús stilte,
as libben foar deaden,
binne Jo yn ús fermidden kommen.
Oan 'e ein fan 'e tiid ta
sil jo amme waaie,
sil jo lûd klinke:
yn 'e wyn op en as wjerwurd
yn in wrede wrâld
fan keale feiten
en de hurde wierheid.
Dêrom, HEARE ús God,
sette wy ús lûd út
om mei allegearre
dy't troch Jo oanrekke
en fan jo Geast besiele binne
mei ús hiele hert
Jo de lofsang ta te sjongen:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en heech te priizgjen is Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy hat syn folk net ferlitten,
mar giet ús allegearre foar
en fjurret ús oan
as jo lûd, dat ús hert ferwaarmet,
as jo wurd, dat ús wekker ropt
út in deadsk bestean.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
joech him troch
en sei:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Stjoer jo skeppende Geast
en lit ús wêze it lichem fan Kristus,
ferbûn mei Him en mei elkoar
as in folk fan tsjûgen,
in folk dat yn ferset komt
tsjin alles wat op ierde liedt
ta moedeleazens en wanhope,

ferbûn mei allegearre
dy't wy foar jo antlit betinke.....,
mei allegearre dy't ús foargien binne,
mei wa't ús leaf wiene
en dy't wy ferlieze moasten.,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't al lang fergetten binne,
mei jo hiele folk,
gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen is jo Namme,
God, ús Heit,
hjir en rûnom,
no en salang't de wyn fan 'e wolken waait,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

7 'Om't Jo leafde binne'
(Hjersttiid I)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
om alles wat Jo foar ús binne,
in Skepper, in Befrijer,
HEARE boppe alle machten,
Hoeder fan minsken,
Heit en Mem,
ús Ljocht en ús Libben.
Jo komt ús tank ta
om't Jo leafde binne:
in God dy't ús gjin lot opleit,
mar ús lot dielt,
dy't ús misse setten ferjout,
en ús tekoartsjitten draacht,
dy't Him ús lijen oanlûkt
en bliid is as wy bliid binne.
Sa hawwe Jo Josels bewiisd
en sa fertrouwe wy op Jo
ek as it liket dat jo earm te koart is
om ús te helpen,
as jo antlit ferburgen is
en jo lûd net heard wurdt.
En mei allegearre dy't jo Namme heech hâlde
yn goede en kweade dagen,
yn libben en stjerren,
sprekke wy ús foar Jo út
en sjonge wy Jo ta:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
om Jezus jo Soan:
Hy is it Wurd
dat ús jo leafde ferklearret,
Hy is yn eigen persoan
jo ûntferming, ferjouwing, genêzing,
Hy jout ús in teken
fan wat leafde hjitte mei,

want yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
joech him troch
en sei:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan Him dy't Him foar ús opoffere hat
en nim it teken oan fan ús tawijng.
Lit syn Geast ús besielje,

de Geast fan jo leafde,
dat wy inoar ta stipe binne
en steande hâlde,
as in libben bewiis
dat leafde bestean kin,
dat hope libjen docht
en dat it leauwe net útstoarn is.

Sa hâlde wy jo Namme heech,
sa binne wy Jo fan tsjinst,
sa tankje wy Jo, o God,
om't Jo leafde binne,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

8 'Hoe sille wy Jo tankje'
(Hjersttiid II)

Hoe sille wy Jo tankje,
HEARE ús God?
It hert is ûnrêstich yn ús
en rint oer fan bange fragen.
Wy stoarje ús de eagen blyn
op muorren fan feiten.
Ferskuorrend is it helske lûd
fan in wrâld yn ûnstjoer.
Wy hawwe gjin lûd
om dêr boppe-út te kommen,
en it is as hâlde Jo Jo stil,
as binne Jo der net, o God.
Mar om de ferhalen
dy't wy fan Jo kenne,
om de mominten
dat wy Jo neist ús fielden,
ha wy de moed en jou ús
yn 'e wide rûnte fan jo oanbidders,
om ús lûd hearre te litten
tsjin alles wat Jo lytsachtet
en beskieden mei te sjongen
yn it grutte liet
dat foar en nei songen is:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Hoe kinne wy Jo tankje,
wat ha wy Jo te bieden,
HEARE ús God,
mei dizze smoarge hannen,
mei dit brutsen lûd,
mei dit ferdielde hert
en dit faai bestean?

Mar om Jezus, jo Minske yn ús fermidden,
komme wy frijmoedich ta Jo
mei ús wurden fan lof en leafde,
dy't Hy ús yn 'e mûle joech
en dizze tekens fan brea en wyn
dy't Hy ús yn 'e hannen lei,

want yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
joech him troch
en sei:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken
biede wy Jo ússels oan en alles wat uzes is,
skurf en skeind,
en wy bidde Jo, o God:

besielje ús mei jo Geast,
dat wy by steat binne
om te dwaan wat ús foardien is,
te brekken en te dielen
yn tsjinst fan jo Ryk.

want sa kinne wy Jo tankje,
sa meitsje wy Jo grut,
sa krijt jo Namme betsjutting
ûnder de minsken,
no en alle dagen
oant op 'e dei dat alles nij wêze sil,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

9 'Minsken mei hunger en toarst'
(Gerjochtichheid en frede)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want Jo ha omsjoen
nei minsken mei hunger en toarst:
it brea fan jo libben
en de wyn fan jo leafde
biede Jo ús oan;
in oerfloedich miel
foar alle folken
hawwe Jo ús tasein.
Dêrom, HEARE ús God,
jouwe wy ús yn it grutte koar
fan allegearre dy't Jo earje en tsjinje,
fan de hilligen fan namme
en fan al dy dimmene lûden
fan al jo minsken,
dy't noege binne ta jo miel,
en wy sjonge út alle macht:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en Jezus dy't komt yn jo Namme.
Troch Him ha Jo ús roppen,
Hy is jo wurd dat ús oerein helpt,
jo each en jo ear
foar wat libbet yn ús hert,
jo mylde hân
dy't it brea mei ús brekt
en de beker omgean lit.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt.

Dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.

Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa hat Er de beker nommen,
en nei't Er tanke hie,
dy trochjûn
en sein:

Drink hjir allegearre út.

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.

Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,

ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

9

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Stjoer ús de Geast fan jo leafde
en wês de siele fan ús bestean,
dat wy tsjinje
sa't Jo ús tsjinje wolle:
it brea brekke en diele
rjochtsette en hielmeitsje

en hoeden omgean
mei jo kostbere skepping.

Lit jo Namme hillige wurde,
lit jo Ryk komme,
God ús Heit,
Jo, dy't heech te priizgjen binne
salang't de wyn fan 'e wolken waait,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

10 'Ta ienheid roppen'
(Ienheid)

Jo komt ús tank ta,
HEARE ús God,
oeral en altyd,
troch Jezus, ús Hear.
Want Jo ha ús rêden
út 'e hân fan 'e machten
en ús ûnder de hoede brocht
fan de Soan fan jo leafde,
troch Wa't wy ûntfange
ferjouwing, ferlossing, fernijing.
Sa binne wy jo folk,
ta ienheid roppen
om 'e wille fan jo tsjûgenis
yn in ferskuorde wrâld.
Dêrom, HEARE ús God,
sjonge wy mei hert en mûle
it liet fan allegearre
dy't jo Namme belide
en jo Ryk ferwachtsje,
ien koar yn jo hiele skepping
en wy jubelje jo ta:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy is jo byld en likenis dy't ta ús sprekt,
de earstberne fan in nije skepping,
it haad fan 'e gemeente, syn lichem;
Jo hawwe mei jo hiele wêzen yn Him wenje wollen
om alles wat libbet mei Jo en inoar te fermoedsoenjen.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
hat Hy it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út,
briek it en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa hat Er de beker nommen,
en nei't Er tanke hie,
dy trochjûn
en sein:

Drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jim fergetten wurdt ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God,
mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Stjoer jo Geast yn ús fermidden,
fernij jo ferbûn mei ús
en bou ús op
ta in lichem fan leafde,
dat mei jo Soan
it brea brekt en dielt
mei in elk dy't honger en toarst hat
nei de gerjochtichheid.

Lit jo Namme hillige wurde,
oan jo de lof en eare,
God, dy't mei ús it ferbûn oangien binne,
heech te priizgjen foar ivich,
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

11 **'Mei jo hiele gemeente'**
(Advint)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God,
sprekke wy ús lofprizing út,
hjr en no, oeral en altyd,
om't Jo ús mei kleurrike wurden
fan jo profeten en evangelisten
sicht jûn hawwe op in wrâld,
beskynd troch it ljocht fan jo heil:
de ierde fol fan wierheid en frede,
de himel, dêr't gerjochtichheid út delsjocht.
Sa hawwe Jo yn ús faai bestean
grutte ferwachtings wekker roppen:
treast foar dy't treurje, genêzing foar dy't lije,
ûntferming, genede en ferjouwing
foar allegearre dy't har ta Jo keare.
Dêrom, o God, mei Sion op har wachtpost,
dy't útseach nei de grutte ferlossing,
mei Maria, dy't optein
fan har ferwachting tsjûge hat;
mei Elisabet en Sacharias,
ferwûndere oer de wei dy't Jo mei har gien binne;
en mei allegearre dy't Israels fertreasting
ferwachte en besongen hawwe,
litte wy ús lûd ek hearre:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel!

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

yn 'e namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;
dy't as de minste fan allegearre
jo Ryk foarm en stal jûn hat;
dy't syn hert folslein iepene hat
foar wurge en machteleaze minsken;
dy't de earmen net ferachte
en de lytsen net fergetten hat;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útspriek,
it briek en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útspriek
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardeige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Riis op, o HEAR, en kom,
ferlos allegearre dy't libje
yn tsjusterens, skrik en benearing.
Stjoer, bidde wy Jo, jo hillige Geast
oer dizze tekens fan brea en wyn
en oer ús hiele mienskip,
dat sa yn ús groei mei

de fêste hope op in takomst
dy't nimmen ús ûntnimme kin.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en oer wa't wy yn soarch en noed binne ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

12 'Mei jo hiele gemeente'
(Krysttyd)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEAR, ús God, tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God

loovje en priizgje wy Jo,

hjir en no, oeral en altyd.

Want Jo hawwe yn jo ûntferming
fan wit-hoe heech nei ús omsjoen,
oant yn 'e djippte fan ús bestean.

Grutmachtich hat jo dwaan west
yn 'e berte fan it Bern,

dat 'heil fan 'e wrâld' neamd wurdt,

mar ek 'de minste fan 'e minsken'.

Sa hawwe Jo wat leech is heechset
en wat lyts is grutachte.

Dêrom besjonge wy it ljocht

dat oer de wrâld opgien is

en dat it tsjuster ferdriuwe sil,

en wy jouwe ús yn it koar

fan ingels en aartsingels,

fan al jo boaden fan frede en freugde

as wy Jo earje mei de lofsang:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

yn 'e namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;

dy't ús libbensljocht wurden is,
de Sinne fan 'e gerjochtichheid,
dy't it deadsskaad ferdriuwt,
dy't ús de wei nei Jo sljochte
en ús sa in feilige takomst jûn hat
foargoed by Jo;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útspreek,
it breek en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útspreek
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfearde,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Stjoer dan, sa bidde wy, jo hillige Geast,
oer ús dy't dizze jeften ûntfange
as tekens fan jo wolbehagen yn ús.
En meitsje mei jo Geast de ierde fol,
dizze ierde, dy't Jo ornearre hawwe
foar in libben yn frede
foar de minsken yn wa't Jo wolbehagen hawwe.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje

en har oer wa't wy yn soarch en noed binne ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

13 'Mei jo hiele gemeente'
(Epifany)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God
loovje en priizgje wy Jo,
hjr en no, oeral en altyd,
want foargoed en oer de wide wrâld
hawwe Jo ús en alle minsken
behelle yn 'e segen,
dy't Jo ienris útsprutsen hawwe
oer Abraham en syn neiteam.
It wie rûnom nacht op ierde
en alle folken sieten yn it tsjuster –
doe is jo hearlikheid ferskynd,
Sion striele yn jo ljochtglâns;
har soannen kamen fan fierren,
har dochters joegen har derby,
roppen ta nije mienskip,
noege ta it grutte feestmiel.
Dêrom bringe wy Jo lof
en earje Jo, o Kening fan 'e wrâld;
mei ingels en aartsingels,
mei alle tsjûgen de ieuwen troch
út alle folken en naasjes
út alle tongen en talen
sjonge wy Jo ta:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

yn 'e namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;
dy't ús libben folslein diele woe
om alles te dwaan wat God wol
en ús ferlernens te ûndergean;
dy't ien wêze wol mei de earmen,
de lytselju heechset
en de minsten fan syn folk draacht yn syn hert;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útspriek,
it brik en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útspriek
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardeige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Jou ús, o HEARE, no jo Geast
fan wierheid, ljocht en libben;
jou ús jo Geast yn rynske mjitte,
no't wy dizze jeften ûntfange:
it brea út 'e himel,
de wyn fan it keninkryk.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en har oer wa't wy yn soarch en noed binne

ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him.
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

14 'Mei jo hiele gemeente'
(Fjirtichdagetiid)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja, mei rjocht en reden, o God,
sprekke wy ús lofprizing út,
hjir en no, oeral en altyd,
om't Jo mei ús geane,
dwers troch alles hinne,
op 'e lange en moedsume wei
út ús eigen, deadsk ferline
nei jo takomst fan libben.
Jo drage ús troch de djipten hinne,
heine ús op as wy falle;
wy meie skûlje yn jo hoede,
burgen wêze yn jo trou.
Jo harkje nei elk dy't ta Jo ropt –
'Ik sil der wêze' is jo antwurd
op 'e dei fan grutte benearing
of yn 'e eangst fan 'e nacht.
Dêrom earje wy jo grutte Namme,
mei Mozes, paadwizer yn 'e woestyn,
mei Elia, boade fan jo wurd,
mei alle tsjûgen fan 'e wei
dy't Jo mei jo folk gien binne;
mei harren jouwe wy ús yn it koar
fan alle himelske machten:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

**Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.**

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;
dy't yn al syn besikingen
it mei jo wurd weage hat
en ús, minsken, trou bleaun is;
dy't sa alle gerjochtichheid,
dêr't wet en profeten fan sprekke,
oan 'e ein ta folbrocht hat;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útsprik,
it brik en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útsprik
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Stjoer, sa bidde wy, jo hillige Geast
oer dizze jeften fan brea en wyn,
tekens fan jo takomst, jo belofte
oan jo hiele folk ûnderweis.
Bring ús, troch jo Geast, op 'e wei nei frede,
gerjochtichheid en leafde
foar jo hiele skepping en al jo minsken.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en har oer wa't wy yn soarch en noed sitte ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou –
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

15 'Mei jo hiele gemeente'
(Peasketiid)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God,
loovje en priizgje wy Jo,
hjir en no, oeral en altyd,
want wat gjin ear noch heard
en gjin each ea sjoen hat,
wat yn ús bange minskehert amper opkomme koe,
as moarnsdauwe dy't rêd ferdwynt,
dat hawwe Jo yn dy nacht bewurke
dêr't ús fan sprutsen is troch tsjûgen
fan 'e earste dei, it iere ljocht:
dy nacht doe't Jo Jezus Kristus
út 'e deaden opwekke ha.
Jo ha it tsjuster ferjage,
de ierde en alles wat bestiet
ha Jo foar ûndergong behoede;
doel en sin ha Jo jûn
oan ús iersk bestean.
Dêrom fiere en besjonge wy,
mei de froulju as earste tsjûgen
en mei alle gearre dy't leaud hawwe,
de dei dy't Jo, o HEARE, makke hawwe.
En wy ferhearlikje jo Namme mei it liet
dat opklinkt yn 'e himel en op ierde:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

yn 'e Namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;
dy't de nije minske wurden is,
jo byld en jo gelikenis,
de wei, de wierheid en it libben;
dy't, mei ús ferbûn foar it libben,
alle machten fan 'e dea
foargoed ferslein hat;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útspriek,
it briek en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útspriek
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Aklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardeige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Stoart jo hillige Geast oer ús út,
dat wy allegearre libje meie
yn in nije mienskip
fan minsken dy't nei inoar omsjogge,
dy't fruchtber binne yn rjocht en frede,
twigen fan de wiere wynstôk.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en har oer wa't wy yn soarch en noed sitte ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

16 'Mei jo hiele gemeente'
(Simmertiid)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God
loovje en priizgje wy Jo,
hjir en no, oeral en altyd,
om't Jo, God fan himel en ierde,
oan de minsken de azem jûn hawwe,
jo libbensgeast oan wat skepen is
ta eare en hearlikheid fan Jo.
Wy tankje Jo, Kening fan 'e wrâld,
om de sân geasten foar jo troane,
dy't Jo útstjoere oer de ierde
as boaden fan ljocht en fjoer.
Want alle gleon protest
tsjin ûnrjocht en leagen
en elk hertstochtlik pleit
foar wierheid en gerjochtichheid
is it wurk fan jo Geast;
en alle roppen út 'e djipte,
alle hege lofsangen,
wurde foar Jo brocht
op 'e wjukken fan jo Geast.
Dêrom loovje wy jo Namme,
mei Mozes, Mirjam en Maria,
mei Petrus en alle tsjûgen
dy't de Geast krigen hawwe
en dy't fan Jo profetearre ha.
Sa sjonge wy Jo ta:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

**yn 'e Namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e himel.**

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertichheid, leafde en genede;
dy't fol wie fan jo Geast,
en syn opdracht oannommen hat
om oeral te learen en te genêzen;
dy't de treurjenden treaste,
de tebrutsenen oerein holpen
en syn minsken leafhân hat oan 'e ein ta;

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útspreek,
it breek en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útspreek
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn
bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Kom, o Geast fan God, kom oer dizze jeften,
fernij it skeinde oansjen fan de minskewrâld, dizze ierde,
en lit jo fruchten yn ús groei:

frede, blydskip en gerjochtichheid.
Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en har oer wa't wy yn soarch en noed sitte ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

17 'Mei jo hiele gemeente'
(Hjersttiid)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja, mei rjocht en reden, o God
loovje en priizgje wy Jo,
hjr en no, oeral en altyd,
want Jo jouwe sin oan ús bestean.

Jo geane mei ús de tiden troch
op wei nei de lêste iepenbiering
fan jo krêft en keninkryk
dat Jo foargoed befestige hawwe
yn jo leave Soan, dy't krusige is.

Jo bliuwe by ús, ballings dat wy binne,
de ieuwen troch ûnderweis
op ús nuodlike tocht fan fallen en oereinkommen.

Jo litte ús nea falle,

jo hân draacht ús

ek yn 'e djipte fan dea en iensumens.

Jo begeliede ús nei it lân efter dy bange grins
fan ús beheind bestean.

Dêrom sjonge wy it liet
dat nea ûnderbrutsen is,

mei de tsjûgen fan 'e gemeente

fan alle tiid en plak,

mei alle hilligen en alle sielen

dy't ús yn leauwe foargien binne

en it útholden hawwe oan 'e ein ta:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt

yn 'e Namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
 ús libben mei jo Namme ferbûn hat
 en mei alles wat dêryn besletten leit
 oan barmhertichheid, leafde en genede;
 dy't weromkomme sil mei hearlikheid,
 om rjocht te dwaan oan allegearre dy't it rjocht ûntkeard
 is;

Jezus, dy't fan it krús ôf regearret,
 oan waans ryk gjin ein komt;
 dy't ús, syn bruorren en susters,
 in teken fan trou jûn hat;

dy't op 'e jûn foar syn dea
 syn leafde foar ús besegele hat
 mei de tekens fan dizze jeften,
 doe't Er in brea naam,
 de tanksizzing dêroer útspreek,
 it breek en oan syn learlingen joech
 mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
 doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
 de tanksizzing dêroer útspreek
 en dy oan syn learlingen joech
 mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
 doch dat, sa faak as jimme dy drinke, ta in
 oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
 it geheim fan Him dy't krusige is,
 Jezus Kristus, de Rjochtfeardeige,
 dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Jou ús, sa bidde wy, jo hillige Geast
 oer dizze jeften fan brea en wyn;
 stoart jo Geast ek út oer ús:
 dat wy inoar drage en ferdrage
 op ús wei nei jo takomst,
 om mei alle folken it feestmiel te fieren.

Ien mei allegearre dy't no libje,
dy't wy oan Jo opdrage:
harren mei wa't wy blydskip belibje
en har oer wa't wy yn soarch en noed sitte ...,
ien ek, leave God, mei ús deaden,
dy't wy út hannen jaan moasten
en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
ien mei alle beliders fan it leauwe,
dy't ús foargien binne
op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou -
troch Him en mei Him en yn Him,
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

18 'Mei jo hiele gemeente'
(‘griene’ sneinen)

De HEARE wês mei jim.

Syn Geast yn ús fermidden.

Heevje jimme herten omheech.

Wy hawwe ús hert by God.

Lit ús de HEARE ús God tank bringe.

Him komt ús tank ta.

Ja mei rjocht en reden, o God,
sprekke wy ús lofprizing út,
hjir en no, oeral en altyd.

Want ‘Ik sil der wêze’ is jo Namme,
yn ‘e himel en op ierde, jo belofte
foar ús hiele bestean, sa faai as it is.

Doe’t wy noch net fan Jo wisten,
hâlden Jo al safolle fan ús;

noch ear’t wy ta Jo rôpen,
hiene Jo ús al antwurd jûn;

hieltyd wer as wy Jo loslieten,
hawwe Jo ús wer socht en fûn.

Sa wolle Jo yn jo barmhertichheid
aloan ús libben hoedzje en noedzje

oant it by Jo folslein wêze sil,
foar ivich burgen yn jo ljocht.

Dêrom sjonge wy mei yn it liet
fan alle himelske machten,

as wy ús jouwe yn it koar

fan allegearre dy’t jo Namme belide
en jo beloften besjonge:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Himel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.

Hosanna yn ‘e himel.

Heech te priizgjen is Hy dy’t komt

yn ‘e Namme fan de HEARE.

Hosanna yn ‘e himel.

Ja, heech te priizgjen is Jezus, dy't troch syn kommen
ús libben mei jo Namme ferbûn hat
en mei alles wat dêryn besletten leit
oan barmhertigens, leafde en genede;
dy't ús jo freonlik antlit
fan deunby wer opljochtsje litten hat;
dy't ús betize en ferlern bestean
folslein mei Jo fermoedsoene hat;
dy't yn syn ûntferming ús
oan it uterste ta leafhân hat,

dy't op 'e jûn foar syn dea
syn leafde foar ús besegele hat
mei de tekens fan dizze jeften,
doe't Er in brea naam,
de tanksizzing dêroer útsprik,
it brik en oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dit is myn lichem foar jimme;
doch dat ta in oantinken oan My!

Ek doe't Er nei it miel de beker naam,
de tanksizzing dêroer útsprik
en dy oan syn learlingen joech
mei de wurden:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dat, sa faak as jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

[Akklamaasje]

Sa betinke wy dan, grutte God,
it geheim fan Him dy't krusige is,
Jezus Kristus, de Rjochtfeardige,
dy't Jo út 'e dea opwekke ha.

Stjoer dan no, sa bidde wy, jo hillige Geast
oer dit brea, oer dizze wyn
en oer ús dy't dizze tekens ûntfange,
om dêryn ússels oan Jo op te dragen.
Meie it lichem en it bloed fan Kristus
foar ús wurde: libben dat net fergiet
en ús ferienigje mei Him en mei elkoar, foargoed.

Ien mei allegearre dy't no libje,
 dy't wy oan Jo opdrage:
 harren mei wa't wy blydskip belibje
 en har oer wa't wy yn soarch en noed binne ...,
 ien ek, leave God, mei ús deaden,
 dy't wy út hannen jaan moasten
 en dy't wy foar Jo en elkoar betinke ...,
 ien mei alle beliders fan it leauwe,
 dy't ús foargien binne
 op wei nei it lân fan belofte ...,

sa, ien mei jo hiele gemeente,
 mei al jo folk yn 'e himel en op ierde,
 loovje wy, God fan leafde, jo Namme,
 priizgje wy, God fan genede, jo gloarje
 en ferhearlikje wy, God fan belofte, jo trou –
 troch Him en mei Him en yn Him,
 Jezus Kristus, ús Hear,
 dy't ús byinoar bringe sil yn jo Ryk,
 dêr't wy om bidde mei de wurden:

Us Heit ...

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

19 'Heech te priizgjen is jo Namme'

Heech te priizgjen, o God, is jo Namme,
dy't ús aloan trochdien is,
de ieuwen lâns en oeral.

Safolle is ús ûntkommen of ûntnommen,
yn 't neat opgien of spoarleas weiwurden
yn it swier geweld fan 'e tiden.

Mar mei jo Namme binne Jo tichteby bleaun
mei alles wat dy Namme yn hat
ienris en foargoed, foar elk fan ús.

Troch Jezus Kristus, ús broer,
oan wa't Jo de namme jûn hawwe
dy't boppe alle oare útgiet.

Needrich oan 'e bittere ein ta,
hat Er it brea nommen, it brutsen
en sein: "Dit is myn lichem foar jimme."

Allyksa naam Er de beker en sei:
"Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
doch dit ta in oantinken oan My."

Tink oan ús, rop ús by de namme,
wês hjir oanwêzich troch jo Geast,
ta ús treast en frede.

Meitsje it oansjen fan dizze ierde nij,
ferienigje ús mei harren dy't ús foargien binne
op 'e wei fan leauwe, hope en leafde.

En hoedzje yn ús it fisioen fan jo ryk,
lit net útdwêste de hope op dy folsleine tiid,
dêr't jo Namme yn wêze sil: "Alles yn allegearre".

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

20 'Kom en befrij ús'
(‘griene’ sneinen)

Frede foar jim allegearre.

Frede ek foar jo!

De herten heech.

Wy binne mei ús hert by de HEARE!

Lit ús tankje de HEARE, ús God.

Him komt it ta ús tank te ûntfangen!

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,
Jo dy't jo folk út Egypte helle hawwe,
God fan begienens, God fan beweging,
Jo dy't ferburgen binne, lykwols oanwêzich.

Jo dy't ús kenne: it wurk fan jo hannen,
minsken fan hope en freze, gloarje en ellinde,
minsken op wei nei it lân fan belofte,
dy't taastendewei har paad sykje.

Jo dy't fan fierren mei jo wurd tichte by ús komme,
Jo dy't ús foargeane, de God dy't der wêze sil,
stridend, fertreastend, hifkjend, ûnthjittend,
wierheid, gerjochtichheid, wysheid en frede.

Ien mei ingels, machten en krêften,
deaden en libbenen, ûnder en boppe,
stimme wy yn mei de lof foar Jo,
roppe Jo oan en sjonge Jo ta:

**Hillich, ja hillich, heechhillich binne Jo,
Skepper fan minsken en God fan 'e machten.
De hiele ierde is fol fan jo gloarje.
Hosianna, o HEARE yn 'e himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn jo Namme.
Hosianna, o HEARE yn 'e himel.
Rêder fan 'e wrâld, o kom en befrij ús.**

Oan Jo de gloarje om Jezus Messias,
ljocht fan omhegens, oan minsken ferskynd,
sinne fan gerjochtichheid oer de wrâld.
Alle gerjochtichheid hat Hy folbrocht,
wet en profeten folslein jilde litten,

om oan 'e wrâld syn takomst te jaan.
Hy dy't as master de minste tsjinne hat.
Hy dy't as kening it krús droegen hat,
blinkende moarnsstjerre, woartel fan David,
Hy dy't de wei is, de wierheid, it libben,

dy't op 'e jûn, ear't Er stjerre soe,
nacht fan ferleagening, nacht fan ferrie,
mei syn learlingen it miel hâlden
en foar syn freonen it brea brutsen hat:

Nim, sei Er, yt, want dit is myn lichem,
doch dat ta myn oantinken.

Sa ek de beker, dy't omgyng by allegearre.
dêr't Hy de betsjutting oan joech mei de wurden:

Dit is it nije ferbûn fan myn bloed,
doch dat ta myn oantinken.

**Aloan as wy it brea en de beker nimme
en dielhawwe oan 'e dea fan 'e libbene Hear,
binne wy tsjûgen fan Him dy't komme sil.
Rêder fan 'e wrâld, kom en befrij ús,
Jo, ús hope en ús takomst.**

Kening fan 'e wrâld, wy roppe: Hoe lang noch
alle ferbjustering, freze en fertriet,
honger en ûnrjocht, kringing, leagen,
iensumens, ûngelok, dea en ferdjer?
Kom oerein, HEARE, foar allegearre dy't oermjitte lije,
allegearre dy't skeind en marteले wurde,
alle tsjûgen fan wierheid en rjocht,
allegearre waans namme yn jo hân gravearre stiet!

**Rêder fan 'e wrâld, kom en befrij ús,
Jo, ús hope en ús takomst.**

Stjoer dan, o God, jo Geast yn ús fermidden,
baarn út ús wei alle haat en geweld,
meitsje fan ús minsken mei nije ferwachtings.
Wolle Jo it oansjen fan 'e ierde fernije,
oarloggen smoare, benearing ferbrekke,
dat jo Keninkryk mei krêft komme mei
en alle dingen har doel fine.

**Rêder fan 'e wrâld, kom en befrij ús,
Jo, ús hope en ús takomst.**

Sa't dit brea ferstruid wie oer it fjild
en ynhelle en gearbrocht is ta ien,
nôt, byinoar helle as iten foar mannichien,
bring sa jo folk yn it ryk fan jo frede,
helje harren fan fier en hein byinoar
út 'e grutte ferstruiïng
mei allegearre dy't ta Jo roppe.

20

**Laam fan God, dat de sûnde fan 'e wrâld weidraacht,
ûntfermje Jo oer ús en befrij ús.
Laam fan God, dat de sûnde fan 'e wrâld weidraacht,
ûntfermje Jo oer ús en befrij ús.
Laam fan God, dat de sûnde fan 'e wrâld weidraacht,
befrij ús en jou ús frede!**

Liturgyske sangen 88

*Hjirnei folgje de fredegroet, it Gebed fan de Hear en de mienskip
fan brea en wyn (side 169ff.)*